

Alex Riemersma earelid *Levende Talen*

Sytze T. Hiemstra

Op 7 oktober 2010 is Alex Riemersma yn it *Stenden Hotel* tasprutsen troch de foarsitter fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT), koartwei *Levende Talen* neamd, omdat Alex troch dy lanlike feriening beneamd wie as earelid foar syn grutte fertsjinsten foar de feriening en foar it tale-ûnderwiis. Dêr hearde ek in moaie oarkonde by.

Toon van der Ven, de lanlike foarsitter fan *Levende Talen*, wie spesjaal foar dy gelegenheid ôfreizge nei it sânde kongres *Fierder mei Frysk* fan de seksje Frysk fan *Levende Talen* om dy oarkonde út te rikken. Dat kongres waard oankundige mei: *Frysk, fris en fernijend*. Skaaimerken dy't grif ek op Alex sels fan tapassing binne.

Van der Ven hie der as suderling – hy is Brabander – efkes flink op oefene om syn taspraakje foar Alex yn it Frysk te begjinnen en dat slagge treflik. “As foarsitter en as taaldosint besykje ik altiten in wurdmannich oer de grins op te pikken”, sa seid er. En ferfette [yn it Hollânsk]: “Binnen dy grins is dat ek al lestich genôch. Wat haw ik in respekt foar de Friezen, dat it harren slagge is en hieltiten wer slagget om harren eigen taal, binnen ús lânsgrinzen en dêrbûten, libben en suksesfol te hâlden. In moai foarbyld fan in Europeeske regiotaal.

Omreden fan dy nea belúnjende ynspannings dêrfoar, hasto earder al ris de FIPLV-priis¹ krige. Foar de seksje Frysk fan *Levende Talen* wie dat net genôch: hja hawwe dy foardroegen foar de titel earelid en ús Algemiene Ledegearkomste hat dat by akklamaasje bekrêftige.

Yn de njoggentiger jierren wiest noch gjin lid fan it deistich bestjoer fan de seksje Frysk, mar de foarsitter út dy tiid, Jan Popkema, die gauris in berop op Alex as fakdidaktikus by de learare-oplieding fan de Noardlike Hegeskoalle Ljouwert en nea omdôch. Sadwaande bist al rillegau lid fan it deistich bestjoer fan de seksje Frysk wurden, mei in weardefol netwurk, grutte ynset en strategysk ynsjoch.

Yn it lanlike deistich bestjoer hasto Rients Miedema as foarsitter geweldich stipe yn in drege perioade fan de feriening. Do wiest in jiermannich sekretaris fan it deistich bestjoer. Dêroan foarôfgeand hasto jierrenlang in weardefol redaksjelid west fan *Levende Talen Magazine*.

Mar ek bûten de feriening setsto dy yn foar it taalûnderwiis: troch publikaasjes, as foarsitter fan de *Nederlânske Kommisje*

fan it Europeesk Buro foar *Lytse Talen* en ynternasjonaal as fise-foarsitter fan it *Europeesk Buro foar Minderheidstalen*. Dêrnjonken bisto ek noch altiten ‘gewoan’ oan it wurk yn it ûnderwiis as dosint-learareoplieder Frysk (dat bliuwt dochs it moaiste). En sûnt koart bisto lektor Frysk en meartaligens.

Alex Riemersma, do bist in *Foarbyld-Learaar*. Sûnder oaren tekoart te dwaan, meie wy dat wol sizze. Dêrom by dizzen einlings de oarkonde dy't heart by it earlidmaatskip. Jitris lokwinske.”

Toon hie neat tefolle sein. En de *Swingel* liket my in goed plak om dêr ek omtinken oan te jaan.

Levende Talen: in klup fan libbene learaars

Ik haw it idee dat net alle lêzers fan *Swingel* krekt witte wat de VLLT is en wat de seksje Frysk dêrfan krekt út 'e wei set. Dêrom wat eftergrûnynformaasje.

De VLLT is de âldste beropsferiening fan tale-dosinten yn Nederlân. Al hast hûndert jier komt de feriening op foar de belangen fan learaars yn libbene talen, benammen fan dy yn it fuortset ûnderwiis.² Dêrby giet it net allinnich om it belang fan de fakynhâlden, opliedings en de neiskoalling, mar ek om harren rjochtsposysje en wurkbetingsten. *Levende Talen* hat him om dy lêste reden in jiermannich ferlyn oansletten by in fakbûn.³ Op it stuit binne der sa'n 3500 leden.

De seksje Frysk fan *Levende Talen* is noch lang gjin ieu aktyf. Der moast yn de rin fan de tiid earst in better plak foar it Frysk yn it ûnderwiis beskrept wurde, ear't der genôch learaars wiene





om sa'n seksje op te rjochtsjen. Ein jierren tachtich fan de foarige ieu wie dat safier. Yn 1988 naam it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de Fryske Akademy it inisjatyf. Dat waard oernommen en stipe troch it bestjoer fan de Fryske Akademy. Yn april 1989 waard dat beslút mei ynstimming begroete troch it bestjoer fan de VLLT. Sadree't 25 (aspirant-)leden har oppenearre hiene, koe it

oangean. En dat wie op 20 jannewaris 1990 it gefal. Mei oare wurden: de lanlike feriening is hast in ieu âld en ús seksje Frysk no goed tweintich. Op it stuit sitte wy as seksje krekt boppe de tritich leden en dêr soene wol wat mear by kinne, learaars en oplieders en eltsenien dy't belang hat by goed ûnderwiis yn it Frysk. Dat jout ús mear earmslach wat minsken en jild oanbelanget en tagelyk in gruttere wissichheid foar de takomst.⁴

Alle leden krije foar har jild twa ynteressante tydskriften: acht kear jiers *Levende Talen Magazine*, dat foaral op de talepraktyk ('good practice') yn de skoallen rjochte is, en fjouwer kear jiers it *Levende Talen Tijdschrift*, dat in mear wittenskiplik karakter hat. Hichtepunt fan it jier is altiten de lanlike stúdzjedei, dy't alle jierren yn novimber organisearre wurdt en dêr't de lêste jierren ornaris sa'n 300 learaars út de 13 seksjes oan meidogge.⁵

Binne jo nijsgjirrich wurden? Klik dan ris op www.levendetalen.nl. Dan kinne jo (hast) alles gewaarwurde oer it krewearjen fan ús feriening.

Noaten

¹ *Levende Talen* hie as lid fan de FIPLV, de *Fédération Internationale des Professeurs de Langues Vivantes* Alex nominearre foar de *FIPLV International Award*. It útrikken oan Alex op 3 nov. 2006 betsjutte in 'recognition of exceptional and outstanding contributions to language teaching and learning over an extended period'. By de FIPLV binne ferienings fan taledosinten út mear as 60 lidsteaten oansletten. De FIPLV-award waard oan Alex Riemersma takend fanwegen syn aktiviteiten foar it tale-ûnderwiis yn it algemien en foar it Frysk yn it bysûnder, sawol op provinsjaal, nasjonaal as ynternasjonaal nivo.

Alex Riemersma wie ferbûn oan de learaarsopliedings fan de pabo *Mariënborg* (1978-1985), oan de *Vrije Universiteit* (1985-1992) en is dat sûnt 1984 oan de learaarsoplieding Frysk fan de *Noordelijke Hogeschool Leeuwarden*.

² *Levende Talen* bestiet op 22 april 2011 hûndert jier en dat wurdt fierd op 27 maaie 2011 yn it *Koninklijk Instituut voor de Tropen* yn Amsterdam.

³ Yn jannewaris 2005 hat *Levende Talen* him oansletten by *De Federatie Onderwijsbonden CMHF/MHP*.

⁴ It bestjoer fan de *seksje Frysk* bestiet de lêste jierren út: Babs Gezelle Meerburg (foars.), Reitze J. Jonkman (skr.), Ed Knotter (skath.), Alex Riemersma en Sytze T. Hiemstra (ek HB-lid).

⁵ Dy seksjes binne: Arabysk, Sineesk, Dútsk, Ingelsk, Frânsk, Frysk, Italjaansk, Nederlânsk, NT2/taalstipe, Russysk, Spaansk, Turksk en Gebeartetaal.

Sytze T. Hiemstra is al jierren lid fan it bestjoer fan de seksje Frysk en sûnt in jiermannich ek lid fan it haadbestjoer fan de VLLT.

Help nedich by Frysk skriuwen?
Sjoch op www.goedfrysk.nl.

